

18 En as er jo eat ûntkape hat eft hwet skildich is,  
bring dat my yn rekken.

19 Ik Paulus, skriuw eigenhandich it neifolgjende : Ik  
seil it bitelje, om net to sizzen : Jy binne josels my skil-  
dich.

20 O myn broer, mocht ik fen jo foardiel hawwe yn  
'e Heare, til my it hert op yn Christus.

21 Ik haw jo skreaun yn bitrou, det jo it neikomme  
scille en ik wit, det jo boppe myn sizzen dwaen scille.

22 Meitsje teffens tarissing om my to herbergjen, hwent  
ik hoopje troch jimme gebeden wer op frije foetten to  
kommen.

23 De groetenisse fen Epafras, dy 't mei my for Christus  
Jezus yn 'e boeijens sit.

24 fen Marcus, Aristarchus, Demas, Lucas myn helpers.

25 De genade fen ús Heare Jezus Christus sij mei  
jimme geast. Amen.

G. A. WUMKES.

A. DE VRIES.

## Psalm 29.

Ierdske machten, heech yn ear,  
Loovje en tankje d' Opperhear !  
Lit aan alle minskebern  
't Knibbljen foar Syn sterkens sjen !  
d' Eare fen Syn grote Namme  
Makket d' ierdske macht biskamme  
Yn Syn keine heilichdommen  
Werde aloan Syn lof fornommen !

's Heeren lûd trochkliuwt Natûr,  
Driuwt de greate wetters oer,  
Davrend sjit Syn stoarmgerûs  
Oer it weldich weachgebrûs,  
's Heeren lûd, Syn wûndre reden  
Is yn krêft en hearlikheden,  
't Minskdom skokt, yn 't hert bineare,  
Tongrend sprekt de God der eare !

's Heeren wûnderstîm forbrekkt  
As Er yn Syn grime sprekt  
D' ieuwen-drege krunen fen  
't Cederbosk by Libanon.  
Sjuch de rots en heuvelklingen  
Op Syn lûd as keallen springen ;  
Merk ho 't Libanon forskrillet  
En de hege Siirjon trillet !

's Heeren lûd hout koalljocht fjûr  
Ut de bergen slim oerstjûr,  
Sterk werpt Hy Syn wearljocht del :  
Kades bevet, ynlik kjel,  
't Sjucht Syn sterke lôge skinen  
Oer de greate sânwoastinen ;  
't Fé rydbosket, 't lytse en 't greate  
En de bosken wirde ûntbleate.

Loovje God, hwent Hy is goed  
For Syn folk, dat from en froed  
Yn Syn hûs Him eare jowt  
Op Syn ginst en heil bitrouw.  
Oer de wetters klonk Syn stimme,  
En de floeden binn' bidimme.  
Troch al d' ieuwen sit de Heare  
Op Syn troan as Foarst der eare.

God seil rjucht oer 't ierdryk dwaen,  
Hy Syn folk formogens jaen,  
D' Iv'ge liedt ús nacht en dei  
En Syn frede is oer ús wei.

A. WYBENGA.

## Psalm 101.

Ik seil Gods lof en swide ginsten priizje,  
Om 't heilich rjucht mei dreech myn lofsang riizje ;  
Myn psalmsang jowt, o heech trochloftich Hear  
Jo ivich d' ear.

'k Scil mei forstân 't paed ynslaen mei de frommen:  
Hwennear stean Jo, myn God, by my to kommen?  
'k Lit yn myn hûs foar 't each fen vrou en bern.  
D' oprjuchtens sjen.

'k Scil jimmer wers fen kwea en sündeklâdde  
Gjin godleas stik myselm foar eagen hâlde,  
It boaze dwaen fen 't dryst offâllich sin  
Stiet m' ynlik tsjin.

't Forkearde hert, sadré de sünden blike  
Scil fen myn hûs, scil út myn frjeonskip wike;  
De boaze dy 't syn sin op kweadwaen set,  
Ik ken him net.

Dy 't eft'r 'e rêch mei 's neisten eare fodzet  
Fordylgje ik tel, mei dy 't syn broer bismodzet;  
Dy 't heech fen each en bluistrich is fen hert  
Fordraech ik net.

D' oprjuchte kom ik mei myn ginst tomiette,  
De trouwe yn 't lân scil oan myn side sitte;  
Dy 't wannelt op d' yn 't Wird biskreaune wei  
Bliuwt by my nei.

'k Scil nei Gods Wird 't skarlunich folk fordriuwe,  
't Bidriigjend moed scil yn myn hûs net bliuwe,  
Dy 't ljeagen sprekt fynt únder 's kenings dak  
Gjin rëstich plak.

'k Scil eltse moarn my tsjin de boazen keare  
Hja hjer hjir net: dit is de stéd des Heare;  
't Hert det in boun mei 't walchlik ûnrjucht slút,  
Ik roegje it út.

A. WYBENGA.

## Psalm 108.

Myn herte, hege Himelhear  
Is ta Jins tsjinst folstânnich klear,

'k Scil sjonge fen Jins Majestet  
Jins wiid forneamde hearlikheit.  
Weitsje op myn harpe, omheech myn lút!  
Weitsje op! ik sjong fol blidens 't út!  
Ik scil moarnsier fol freugde úntweitsje  
En yn Gods lof myn spize smeitsje.

Ik loovje Jo mei swiete sang  
Mei lof en liet myn libben lang!  
'k Lit ider folk Jins wirk forstean;  
Jins goedens is ús rynsk wjerfean.  
Jins wierheit sette ús yn ús steat,  
Jins ginst is nea to mjitten great,  
Giet heger den de wolkems drieuwé;  
Sa mei Jins folk loksillich bliuwe.

Forheevje o God! Jo boppe it swirk,  
Lit d' ierde knibblje by Jins wirk,  
Sa reitsje Jins biminden frij  
Fen woest gewelt en twinglandij!  
Jow segen mei Jins rjuchterhân,  
Stjür daejend heil oer 't longrjend lân.  
Jo hawwe yn 't heilichdomme spritsen,  
Sa wirdt myn freugde omhegens tritsen.

Ik fyn myn diel yn Sichems lân,  
'k Mjit Sukkoths dal mei eigen hân;  
Myn Gilead heart myn bifel  
Manasse bûgt him dimmen del,  
Ik sjuch him knibbljen foar myn troan,  
Myn sterkens groeit yn Efrîm oan  
En Juda wiist my wize wetten  
Om Davids setel fêst to setten.

't Liep Moab, Israëls strûp alear.  
Hat nou gjin kréft noch heechheit mear,  
Ik meitsje it ta in waskkûm my;  
't Greatske Edom fielt myn hearskippij;  
Ik werp myn skoech op Ezaus groun  
Myn broer wirdt troch myn hanner boun;  
Ik jûchje it út, mei 'n blide tonge  
Mei 'k oer myn Palestina sjonge.

Hwa stiet my by, hwa bringt my rēd  
 De wâl oer yn in fêste stêd ?  
 Hwa liedt my mei in drege hân  
 De bergen oer yn Edoms lân ?  
 Bin Jo o God, bliuw Jo it net  
 Hwaens hân alear yn djippe smert  
 En 't neare ús wirp? scil Jo 't net wêze?  
 Scil Jo ús wounen net genêze ?

Jow God, nei 't lijjen en 't fortriet  
 Us stoffe ta in fleurich liet !  
 Lit ús net bouwe, noait in wreit  
 Op minskneheil, op idelheit !  
 Wy scille op God ús eagen slaen,  
 Yn Gods krêft tûke dieden dwaen ;  
 De fijân wirdt yn 't stof towâdde  
 Mar Hy scil ús yn 't libben hâlde.

A. WYBENGA.

## Psalm 123.

Ik slach nei Jo, Dy 't yn 'e himel sit  
 Myn eagen op en bid ;  
 Myn herte is hijt en snokkert nei de Heare  
 Yn al myn pine en 't neare ;  
 Allyk it each der boade yn langstme en trouwe  
 Opsjucht nei hear en vrouwe  
 Sa sjucht ús each nei Isrels God, oant Hy  
 Ek ús genadich sij.

Wêz ús dochs nei, wêz in goedginstich God :  
 De húnder nimt ús ûnder skot !  
 't Is mear as slim, ho 't s' ús mei skimp oerlaedzje,  
 Ho 't s' ús forachtsje en smaedzje ;  
 Wy binne oersêd it nytgjen, spotten, hunen  
 Fen weeldrige skarlunen :  
 Gean dochs mei krêft, gean mei Jins grime o Hear !  
 't Grouwélich folk to kear.

A. WYBENGA.

## Psalm 126.

Do 't God ús redde út 's fijans hân,  
 Syn Sion brocht yn 't Heilich lân,  
 Do dwile it ús fen bliidskip sa  
 't Like ús in swiete drôge ta,  
 Wy laken, jublen, dounsen, sponggen,  
 Gods ear en lof waerd tankjend songen ;  
 Do haw' de Heidnen 't sels forstien :  
 God hat Syn folk dit wûnder dien !

Ho blonk yn 't each in tankbre trien !  
 Us God hat greate dingen dien !  
 Dos sjonge wy, dos jûchje wy :  
 't Sied Jakobs is forlosse en vrij !  
 Wol Heare ek fierders oer ús weitsje,  
 Lit al ús finznen vrijheit smeitsje,  
 Forkwik ús lyk it Suderlân  
 Mei himelfocht nei sinnebrân.

Hjir flimet lijjen en fortriet,  
 Hjir sieddet men mei lijjen 't sied,  
 De siedder skoddet jamk de hân,  
 Bitrout mistreastich 't sied oan 't lân,  
 Mar God scil dré syn moed forlichtsje,  
 Hy scil mei jubelsangen sichtsje.  
 Gods groede is oer syn ikkers gien  
 Hy bringt syn skeaven bliid by'n ien.

A. WYBENGA.

## Psalm 127.

As d' Opperbouwhear 't hûs net set,  
 Gjin heil by 't wirk, gjin segen jowt,  
 Net ginstryk stien op stiennen bout,  
 Den baet ús wramend skreppen net !  
 De wachter wekket om 'e nacht  
 As God net sels it weitsjen docht.

't Is om 'e nocht honear jim ier  
 Opsteane en slaevje oant jountiids let,  
 En gysten ite 't brea der smert,  
 Omdôch de gânske dei yn 't spier;  
 Mar dy 't Him folgje as trouwe skiep  
 Jowt Hy Syn segen yn 'e sliep.

Dy 't God bimint, scil 't goede sjen,  
 For 't únk biwarre en 't fûl fortriet;  
 Syn erfskip is in heilich sied!  
 Der frommen sounen, friske bern  
 Binne in bileanning fen hjar God,  
 In rike kroane, in mylde skat.

Allyk de pylken yn 'e hân  
 Fen d' ûnforwinbre, drege helt  
 Dy 't ôfslacht alle woest gewelt,  
 Dat slij is nei syn erve en lân, —  
 Sa binne ek ta der âlders freugd  
 De foarse soannen fen ús jeugd.

Loksillich hy, dy 't soannen hat  
 Dy 't freegje nei Gods wille en wet;  
 Gjin skamte ef leed docht hjar' forset,  
 Al is de nacht ek driigjend swart;  
 Gjin fijân komt hjar hûs to nei,  
 Hja sprekk' him by hjar poarten wei.

A. WYBENGA.

## Psalm 129.

Hja haw my jamk mei slimme slaggen slein  
 Fen d' earste ûre ef oan, — moat Isrel sizze,  
 — Ik bin in paed mei skerpe toarnen tein,  
 Dochs koen' hja my net yn 'e kûle lizze.

Hja ploegen my djip skoerrend oer 'e rêch,  
 Hja hawwe wreed oerlange foergen tritsen;  
 Mar Hy, Dy 't heech myn flymjend lijen seach,  
 Hat bân en tou fen 't godleas ras forbritsen.

Meits, sterke God, Dy 't al myn leedzjen wit,  
 De wrederd lyts, it njirrebrod forskamme;  
 Bring om, dy 't stûf Jou Sion kermje lit:  
 Den loovje wy aloan Jins greate Namme.

Slach 't boaze folk, en meitsje oan 't gjers hjar lyk,  
 Oan 't gjers det kwynt op 't dak yn gleije sinne;  
 Lit jimmeroaan hjar snokkrje nei 'n ûntwyk  
 En slach hjar del, ear 't s' op 'e helte binne.

Lit hjar as 't gjers, det nearne dijpte synt,  
 Op skûrrenael forskronfelje en fortoarje,  
 Det nimmen meant, lit him dy 't skeaven bynt  
 Syn earm der noait ien sprûtselsje fen garje.

Slach 't boaze folk, den seit de wanler net:  
 Gods segen lit jim tiere en wolfeart krije!  
 De Heare daet d' oertrêdders fen Syn wet  
 Mar 't fromme folk mei waechsje en fleurich dije.

A. WYBENGA.

## Psalm 141.

k Rop Heare yn eangstme, yn need en pine,  
 'k Rop Jo yn 't parsjend lijen oan;  
 Och harkje nei dy neare toan  
 En lit my helpe en rêdding fine.

Lit myn gebet as swietrook ran e:  
 In oangenamens for Jins geast,  
 't Opheevjen fen myn hân sij treast  
 Lyk d' offers dy 't by 't jountiid barne.

Jow det ik my for 't kweade wachtsje,  
 Bihoedzje miner lippen doar,  
 Set dêr in wacht yn oandacht foar,  
 Sa mei myn wird Jins wet bitrachtsje.

Lit m' yn gjin kweade saken reitsje  
 Jow, alsjend God, det 'k jimmer skrik

For der godleazen groulik stik :  
Lit my hjar swietekou net smeitsje.

Lit frij de fromme it lexom lêze  
Oer 't kwea, det ik to faken sleau  
Mysels ta skande en skea bidreau ; —  
't Scil oalje for myn holle wêze.

Der frommen slaen scil my net hindrje,  
It docht myn dimmen herte goed ;  
'k Scil, pinicht d' ûnspoed hjar it moed,  
God bidde om hjar it leed to mindrjen.

Hjar rjuchters ha my njûr forstjitten,  
De rotsen ôf, mar elk forstie  
Ho oangenaem myn reden wie ;  
Ik dych hjar 't godlik wird to witten

Wreed hat de fijân 't Godsfolk pleage,  
Us bonken oan 'e miet fen 't grêf  
Forstruid, forwyndre as stof en tsjêf ; --  
Slach Heare ! ús haters yn 'e beage.

Op Jo bin Heare aloan myn eagen,  
Op Jo bitrou ik yn myn smert,  
Untbleatsje dôchs myn siele net  
En nim my wei út leed en pleagen.

Wol Heare, my yn tsjuster sparje  
Foar fâlle en strûpen op myn wei,  
De fijân rydt my jimmer nei :  
Wol for de ûnrjuchten my biwarje.

Lit tel 't godleaze folk forkwine  
Lit my foarbygean, wylst hja kjel  
Fâlle yn hjar tizetouwen del ;  
En lit Jins feint in skûlplak fine.

A. WYBENGA.

## Psalm 142.

Ik rôp ta God, ik smeke Him  
Yn 't drôvich near mei 'n hease stim,  
Ik haw myn klacht by 't earste ljocht  
Yndimmen foar Syn oantlit brocht.

Do 't alles dwile foar myn each,  
Do 'k nearne helpe ef útkomst seach,  
'k Oerstjelpe lei yn nacht en skaed  
Do koenen Jo, o God, myn paed.

Hja haww' tsjin alle rjucht en wet  
In falle foar myn foetten set ;  
'k Seach rjuchts en lofts, mar nimmens hân  
Dych stipe my noch únderstân.

It stie der faei, bihyplik foar,  
'k Seach gjin úntkommen, 'k foun gjin skoar,  
Ik foun gjin treaste noch skewiel,  
Dêr 't nimmen noed stie fen myn siel.

Ik rôp ta Jo, o Heare ik sei :  
Jo binn' myn Taflecht al den dei,  
Jo binn' myn diel yn 't tierdske lân,  
Jo laetten m' oan Jins sterke hân.

Fornim myn gûlen, myn gerop  
'k Bin úttard ; nim 't for my dôchs op !  
Rêd me út myn slim binearde steat  
Fen myn forfolgers, sterk en great.

Bring, Heare, me út 'e finzniis wei,  
Det ik Jins namme loovje mei !  
Honear Jins hân my helpe docht  
Sjontg al Jins folk fen suvre noct.

A. WYBENGA.

## Psalm 144.

Ik tankje God, de Helt, dy t' aller tiden  
 Myn Helper is, my stipe docht yn 't striden ;  
 Myn fingers binn' ta kriich en tsjinwar klear,  
 Myn hânnen fyn' hjar bystân by de Hear.  
 Ik mei op Him, myn Rotsstien festlik bouwe ;  
 Him as myn skyld en Hege-went bitrouwue ;  
 Hy is myn Burcht, syn ginstefolk Israël  
 Bügt op Syn eask him dimmen foar my del.

Hwet is de minsk, hwet mei der yn him stykje,  
 Det Jo, o Hear, him mei Jou ginst bisiikje,  
 Det Jo him kenn' ? hwet leit yn 't minskebern  
 Det Jy Jo búanje om nei him om to sjen ?  
 Hy 's d' ydlens sels, syn tiden komme en geane  
 Sa 't wolkems foar de wyn troch 't loftrom fleane,  
 Hy stiet mar krekt, hy set syn foet op 't paed, —  
 Dér slynt er hinne as in foarbygeand skaed.

Lit greate God 't Hielal Jins grime witte,  
 Lit berch en kling syn reek en lôge sjitte,  
 Saei nei Jins krêt de blaxum nei de groun,  
 Forstrui se, smyt Jins pylken fier yn 't roun ;  
 Stek út Jins hân, rok me út 'e wetterweagen,  
 De frjemdling wynt om my syn twange beagen,  
 Slach del de man dy 't drystwei ljeagen sprekt,  
 Hwaens rjuchterhân ynfâlsk Jou folk forbrekt.

O God, Jo jowe in lofsang op myn tonge :  
 'k Scil fen Jo help mei blide psalmen sjonge !  
 Jo stienen by, fordreaunen myn fortriet  
 'k Stim by de harp in nij, in froalik liet !  
 It is fen Jo, as foarsten hearskje kinne,  
 't Is Jou biwâld, as keingen oerwinne ;  
 For David dych Jins mûle it Godlik wird.  
 Jo rédden him fen 't bloedforjittend swird.

Untslach my, rêd my fen der frjemden bânnen,  
 Forlos my út der ljeagensprekkers hânnen,  
 Hjar rjuchterhân is hjit op rôf en bút,  
 Hja geane op list, bidroch en falskens út :

Stean Jo ús by, den scille wy genéze,  
 Us soannen yn 'e jeugd as planten wêze  
 Dy 't groeije aloan, ús dochters kein en prûs  
 Blinke as in stien fol pracht yn 't keningshûs.

Wol God Jins ginst oan ús forkeap forbine,  
 Lit daegliks sleet ús yn ús waren fine,  
 Jow op ús hiem ús fé in feilich hâld,  
 Lit dér hjar tal formeardrje túzenfâld.  
 Jow d' oksen sterktme, en woltier op ús strjitten,  
 Doch yn ús gea de frede oan 't folk to witten,  
 Bliuwe ynbraek wei, balstjûrich tjirgjen fier  
 Biwarje ús for gewelt en woest getier.

Loksillich 't folk, det fen Gods mylde segen  
 Bidauwe wirdt, treast fynt op al syn wegen.  
 Loksillich 't folk, dat wit: ús greate skat  
 Leit ivich fêst: Jehova is ús God !

A. WYBENGA.

## Psalm 145.

O greate God, myn Kening heech yn ear,  
 Ik sjong Jins rom, Jins glanze kein en klear !  
 'k Mei yn Jins lof de wiere wille ha ;  
 Jins Namme komt al d' ieuwen gloarje ta .  
 'k Lit dei oan dei myn blide sangen riizje,  
 De Heare is great, al 't skepsel moat Him priizje !  
 Syn greatens is t' oereagjen noch to mijitten ;  
 Lit slachte oan slachte Syn wirk en almacht witte.

Ik scil o God, Dy 't heech yn 't heilige sit,  
 Jins hearlikheit, dy 't fen gjin slinen wit  
 Altroch forkûndjsje oan alle minskebern ;  
 'k Mei yn Jins ljocht Jins wûndre dieden sjen.  
 Jins Majestait strielt riker as de sinne,  
 Jo binn' de Helt, scil yn 'e striid oerwinne ;  
 De fijân freest ; Jins folk mei Jo forearje  
 Him oer Jins krêt yn blidens oppenearje.

Jins folk sjongt lûd út follens fen hjar moed  
 Jins myldens en de greatens fen Jins goed ;  
 Hja scille Jins gerjuchtigens en rjocht  
 Utroppe aloan mei jubelsang en nocht ;  
 Hja jûchje yn bliid, hja sjonge lof en eare :  
 Genadich en barmhertich is de Heare !  
 Syn hoedzjen wirdt fen al Syn skepsels mirken  
 Syn goedens leit útspraet oer al Syn wirken.

Al 't skepsel mei yn Jo syn wille ha,  
 Jins folk o Hear bringt eare en tank Jo ta !  
 Sjongt fen Jins macht en 't Godlik keninkryk,  
 d'Almogentheit en 't heilich heech úntwyk,  
 Fen 't ivich lok yn 's Heechsten tsjinst to smeitsjen,  
 Om al Jins krêft yn 't roun bikend to meitsjen,  
 Om al Jins glâns oer bergen en oer klingen  
 Foar aller ear de heechste rom to bringen.

Jou keninkryk, Jou Godlik wiis biwâld  
 Stiet d' ieuwen fêst, giet oer de hiele wrâld,  
 Jo stypje him, dy fâlt yn leed en lêst,  
 Jo skikke him nei 't krûs wer wille en rêt ;  
 Delbügden litt' Jo net yn toarst forsmachtsje ;  
 Wy sjugge op Jo, ús aller eagen wachtsje,  
 Jo jowe rom de spize ús alle dagen,  
 Jo sêdzje 't âl yn Godlik wolbhagen.

De Heare is rjucht en suver is Syn wei,  
 Syn ginist is ús yn al Syn wirken nei ;  
 Dy 't Him oanropt fynt stipe en mylde treast,  
 Dy 't nei Him snakt mei suvre oprjuchte geast ;  
 Dy nimt Hy op, Hy toant Syn wolbihagen  
 Mei út it únk him hoedsjend wei to dragen,  
 Hy merkt syn lûd, forheart syn eangst fol kermjen  
 Forlosset him yn Godlik-ryk úntfermjen.

De Heare helpt, dy 't op Syn wegen giet,  
 Mar 't oardiel komt oer dy 't Syn almacht stiet ;  
 Myn mûle sjongt Gods lof, jowt ivich ear,  
 En alle flesk losjongt der Hearen Hear.

A. WYBENGA.

Sadwaende mijje wy bliid wêze, det Bende Bendsen,  
taellearaer to Arroëskjöbing yn 't hartochdom Sleeswyk,  
in treflike grammatica fen it Noard-Frysk skreaun hat,  
der 't de fouten dy 't Outzen makke hie, yn forbettere  
binne. Bendsen syn wirk iepenet foar ús de gelegenheid  
om mei dizze tongslach alhielandal op 'e hichte to kommen.  
Wy kinne nou it Westerlauwersk Frysk mei it  
Noardfrysk forlykje en troch dit forlykjen scille hopen  
dingen út 'e âldere Fryske taal klear wieerde kinne, wylst  
hja oars ús foar de eagen skimeren. Mar nou komt it er  
op oan dit ûnmisbere wirk printe to krijen. De heechlearde  
hear prefester M. de Vries, hat alle war dien foar de út-  
jefte en troch syn oanbifeling en foarspraak is it spil al  
aerdich op 'e gleed. Mr. H. J. Koenen hat tige yn 'e pong  
taest om dy grammatica to krijen. Mar nou scoe it wol  
hwet ûnfatsoenlik wêze om him de kosten fen 'e útjefte  
ek yet op 'e lea to skouwen en dêrom weagje ik it ge-  
legenheid to jaen om yn to teikenjen op dit boek en gean  
foar mei myn eigen ynteikening en dy fen myn frjeonen.

Dit is net allinne ornearre for taelkenners, dy 't dizze  
grammatica hawwe wolle om him to bistudearjen, mar  
boppedien for ljeafhawwers en foarstânners fen ús heitelânske  
taelstûdzje en binammen doel ik op 'e adel en  
'e hegerein yn Fryslân en forsiikje ik hjar de útjefte  
fen dit echte heitelânsk wirk to forearjen mei hjar ynt-  
eikening en to stypjen mei hjar jild.

A. DE VRIES.

## Psalm 3.

Greatmachtich Opperheare  
Ho slim is 't my, ho near!  
Ik sjuch myn fijân dijen;  
Hjar tal wint jimmer oan,  
Hja stean my nei de kroan  
En winskje djip me yn 't lijen.  
Hja sizze fen myn siel:  
„Heil scil er noch skewiel  
By God noch minskien fine!

Hy mindret by de dei  
Hy sakket ringen wei  
En scil yn 't grêf fordwine."

Mar trouwe God en Hear  
Jo binn' myn Skyld, myn Ear,  
Ik mei Jins stipe wachtsje;  
Jo heev'je út al dit leech  
Myn holle wer omheech,  
'k Scil net yn 't leed oernachtsje.  
'k Sei God myn pine en Hy  
Forhearde en treaste my  
Joech heilsjocht op myn paden  
Hy seach fen Sion tel  
Ta bystân op my del:  
Ho romje ik Syn genade!

Ik laei en slipte fêst,  
Ik joech my del yn rést,  
Hwent God woe my bihoedzje,  
My bliid ûntweitsjen jaen,  
My sterke stipe dwaen;  
Sa mei 'k it feilich noedzje.  
Al stean mei stûf gerop  
Tsientûzen man ek op  
Om my omleech to triuwen,  
Ik wit de sterke Helt  
Fordrifket hjar gewelt;  
Sa mei ik steande bliuwe.

Stean op, forlos me, o Hear!  
Jo hawwe o God, alear  
Genadich oer my wekke,  
Myn haters by 'noar tein  
Op 't kinnebekken slein  
En djip yn 't herte rekke;  
Jo brieken ûnfortocht  
Hjar tosken; 't heil en 't ljocht  
Komt ús fen d' Opperheare.  
Jins mylde segen sij  
O God ús ivich by:  
Sa sjonge wy Jins eare.

A. WYBENGA.

Hy, dy 't yn netljend lijken kwynt  
Syn paed oertein mei toarnen fynt,  
Seil net altyd yn 't leed binachtsje,  
Hy mei in bliid úntweitsjen wachtsje.

Stean op, greatmachtich Opperhear,  
Lit net it minskebern al mear  
Himselme swiid forsterkje, — litte  
De Heidnen tel Jins oardiel witte.

Jei Hear, de Heidnen sa bidoarn  
Yn kwel en kwea, forskrikken aan ;  
Lit hja fornimme, hwer fendifne,  
En hwet 's as ydle minsken binne.

A. WYBENGA.

## Psalm 14.

De greatske dwaes sprekt yn 't oerstjûre moed :  
„Dêr is gjin God !“ de minskesoannen meitsje,  
't Al mear forkeard, hja litte 't kwea hjar smeitsje,  
As 't swietste swiet, hja binn' grouwélich tsjoed :  
Gjin minsk docht goed.

De Heare God sloech út Syn himel 't each  
Op Adams team, Hy úndersocht hjar wirken,  
Ef hja op Him, en op Syn wündren mirken  
Ef mei forstân ek ieu de súnde úntfleach  
En nei Him seach.

De minsk is fier it rjuchte paed úntroun ;  
Hja dwylje slim, hja sündigje allegearre  
Yn stjonkend kwea, 't is slim ho 't hja 't fordjerre  
By nimmen wirdt in súvre hertegroun.  
Noch frommens foun.

Hat den dit folk, sa yn 'e groun fordoarn,  
Gjin witnis fen Gods-wei en suverheden ?  
Hja ite as brea myn folk, tsjin rjucht en reden,  
Hja bidde nea, hja roppe joun noch moarn  
Hjar Skepper oan.

Dré wurde hja mei djippe úntsteltnis slein  
Dré scil hjar krêft en moed en glânze úntwike ;  
Yn noed en need 't forskrikte hert biswike ;  
Hwent God hat op it folk fen herten rein  
Syn segenlein.

Dû boazert spotst en húnest ál to kwea,  
Dû narrest dy 't yn únk en lijken kwine,  
God scil dy tel yn dyn heechmoedens fine,  
Der froeden Help jowt hjar net oan 'e dea  
Mar heart hjar bea.

Och kaem de tiid dochs ringen oan det God  
Forlossing brocht út Sion oan de frommen !  
Is 't finzen folk wer yn syn erfskip kommen  
Júcht Isrel bliid, sjongt Jakob om syn lot  
En greate skat.

A. WIJBENGA.

## Psalm 17.

Och Heare, och harkje nei myn bea,  
Wol tel myn goede saek fornimme,  
Merk myn gegûl, forhear myn stimme :  
My wearzget list, bidroch en kwea,  
Myn lippe spriek in wiere reden :  
Waerd dôchs myn rjucht yn 't heilich Ijocht,  
Myn suvrens foar Jins antlit brocht  
En skôgen Jo de binlikheden !

Jo haw myn lotter herte preaun,  
Bisocht by nacht yn freugde en smerte,  
Myn mûle spriek de tael fen herte :  
Ik haw gjin idel stik bidreaun,  
Hwet wei de súndaer ek biwanlet,  
'k Haw nei Jins wird him stien, ik haet,  
D'ynbrekkers op hjar groulik paed  
My wearzget hwa 't godeaslik hanlet.

'k Hâld dreech myn foestap yn Jins spoar ;  
'k Forwrigje net, ik hâld fen herten,  
Jins wirk foar 't each, en min Jins wetten,  
Gean Jo my mei Jins heilljocht foar.

'k Mei Jo oanroppe yn eangstme en neden  
 Opdet Jo 't kritten witte o God !  
 Jow dôchs myn siele rommer bod,  
 Niich d'earen, harkje nei myn reden !

Meits Hear, Jins swide woldwaen great !  
 Forlossing brocht Jins hân de frommen  
 En seagen hja de fijân kommen, —  
 Jo stuiten der godleazen feart.  
 Stean Hear, my by tsjin dy 't my tergje,  
 Oerdek me as d' apel fen Jins each  
 Wol for des fijâns bân en pleach  
 My ûnder feilge wjuk forbergje.

Bihoedzje my tsjin 't wyndrich ras,  
 Tsjin dy 't op myn fordjerren sinne,  
 Dy 't my ter dea fijânnich binne  
 Fen alle wet en rjuchten los ;  
 Hja binne fet, hja groeije en dije  
 Hja sprekke mei 'n oerdwealske stim :  
 Wy fine, wy omsinglje him,  
 Dré scil syn lûd foar altyd swije.

De boaze is lyk in felle liuw  
 Hy loert op bût, syn glindige eagen  
 Bigear dy 't God siikje yn beagen ;  
 Yn tsjuster spitst him 't godleas reau.  
 Stean op greatmachtich Opperheare !  
 Kom 't wyld forwrangen antlit foar,  
 Slach del det ras yn 't eigen spoar  
 En wol Jo ta myn siele keare !

Bifrijdzje mei Jins hân me o God !  
 Fen hjarren dy 't fen d' ierde binne,  
 Dy 't rykdom, weelde en steat biminne  
 En 't wrâldske goed as heechste skat ;  
 Hjar diel is yn dit tydlik libben,  
 Mar ringen fâlt de kâlde dea  
 Hjar oer d'oerdwealsklik sêdde lea,  
 En jowt hjar skatten oan hjar sibben

Jins ginst, o Heare ! is great en myld :  
 'k Scil 't Ijochtsjen fen Jins antlit smeitsje,  
 Honear 'k yn 's himels glânze ûntweitsje ;  
 Dêr sêddet my Jins Godlik byld.

## Psalm 67.

---

De rynske God wêze ús genadich  
 Hy jowe oerfloedich ús Syn goed,  
 Syn mylde sinne skine ús stadich  
 Mei segenjaende waermtegloed,  
 Sa mei elk op ierde  
 Jo syn lofsang biede,  
 Opdet elk Jo ken,  
 Kinn' der Heidnen eagen  
 Dy 't gjin ljocht oars seagen  
 Nou it heilspaed sjen.

De folken scille Jo bilide.  
 Hja loovje en júchje wûndre swiet,  
 De naesjes sjonge oer 't lok forblide  
 Jou Namme lûd mei 'n foechsum liet.  
 Folken scill Jo rjuchtsje  
 Hjar forskil bisljuchtsje  
 Nei in suvre wet  
 Folken op dizze ierde  
 Scill' Jo feilich liede  
 Det gjin kwea hjar met.

De folken loovje o Hear ! Jins Namme  
 De Namme fen ús greate God,  
 Oer 't fjild strykt segendaujende amme  
 En de ierde jowt in ryk biskot.  
 't Heil driuwyt oer ús wegen  
 God' jowt ús Syn segen ;  
 Sjong Him wol to moed !  
 Ider moat Him earje  
 't Heil bliert oppenearje :  
 God is einleas goed !

A. WYBENGA.

---

## Psalm 148.

---

Sjong, Hallelujah, sjong Gods ear!  
 Bring ivich lof aan d' Opperhear!  
 Bring froalik nou mei 'n swiden klank  
 Ut 's himels sealen lof en tank  
 Sjong Inglen, dy 't heechstboppe wenje,  
 Jim krêften, dy 't yn lok Him tsjinje!  
 Sjong sinne en moanne aan 's himels trans,  
 Wêz stjirren, Him ta gloarjekrans!

Der hymlen hymlen, búgje jim  
 Forheevje it lûd en loovje Him!  
 Sjong wetter det yn 't loftrom driuwts,  
 Sjong wolkem dy 't troch 't wide wiuwt,  
 Jim hawwe aloan aan God to tinken  
 Jim waerden skepen op Syn winken  
 Hy joech Syn hjitten, joech Syn wet  
 En jim oertrêdzje 't Godsdoel net!

Sjong, wrâldbiwenners mei melkoar,  
 Sjong reuzefisken, sé en mar,  
 Jim fjûr en heil, jim damp en snie,  
 Dû stoarmwyn útstjûrd nei Syn rie  
 It foeget jim Him lof to bringen;  
 Sjong fjilden, streammen, bergen, klingen!  
 Fruchtbeammen júchje yn bloeiselpracht,  
 En ceders loovje 's Hearen macht!

Bring alle sé yn wâld en lân  
 Him eare ta: Syn greate hân  
 Biskikt jim spize dei aan dei;  
 En fûgels, floitsje tankjend mei!  
 Sjong foarsten, folken allegearre  
 Lit rjuchters, lit jim hilde hearre!  
 Sjong feint en faem, sjong jong en âld  
 Sjong tankber for Syn wiis biwâld!

Sjong ider nou in hearlik liet!  
 Syn Namme is heech, Syn lof sij swiet!

Syn majesteit, Syn wûnderwirk  
 Omfiemket d' ierde, is boppe it swirk;  
 Hy hat syn tsjinders út it lege  
 Hy hat de hoarn Syn folks forhege;  
 Hy bringt dat folk de bliidste moarn;  
 Syn Isrel bidt Him tankjend oan.

A. WYBENGA.

## Moarntiid-liet.

---

Wy tankje Jo, barmhertich God  
 Bistjûrder fen ús diel en lot!  
 Jo hâlden trou by ús de wacht  
 Jo wierne ús by ek dizze nacht.

Jo meitsje it for Jins folk sa bêst  
 Jo joegen 't ófmed lichem rêt,  
 Jow nou wer flitich 't wirk to dwaen  
 En wol ús krêft en sounens jaen.

Det wy ús ampt en plicht o Hear!  
 Trou dogge en waernimm' ta Jins ear.  
 Stean mei Jins Geast ús wirkjen by  
 Det sa ús dwaen foarspoedich sij.

Och Heare, det Jins each ús mirk!  
 Bistjûr ús gang, bikroanje ús wirk;  
 Sjuch noait ús yn ús sünden oan,  
 Mar skink forjefnis yn Jou Soan.

Forljochtsje ús idel, tsjuster hert  
 Lear ús to libjen nei Jins wet,  
 Lear ús to wanlijen op Jins wei  
 Gean jimmer op ús paden mei!

Skink by Jins Wird de segen Hear!  
 Formindrje 't Satansryk âl mear;  
 Jowlearaers 't wird oprjucht to dwaen,  
 Wol foarst en oersten sterke jaen!

Treastje ider dy yn need en smert  
Jo oanropt mei in longrjend hert;  
Meitsje ús by alle tsjinstuit stil  
Birêstgjend yn Jins wize wil.

A. WYBENGA.

## Jounsang.

O greate Christus ivich ljocht,  
Dy 't for Jins folk forlossing wrocht,  
Dy 't ús bistrielt by nacht en dei,  
Wy freegje: skyn ek oer ús wei !

Toan ús Jins goedens, lit Jins macht  
Trou oer ús weitsje ek dizze nacht !  
Biwarje ús hûs, ús hiem, ús gea  
For ûngefäl, for leed en skea.

Bistjûr de sliep ús ta ús bêst,  
Forkwik ús lichem, skink it rêt,  
Hâld ús fen ydle drôgen frij, --  
Det noait ús sliep oerdiedich sij !

Skink yn ús herte in fêst bitrou  
Det Jo ús sûnde en skuld forjow  
Den binne wy for 't heilsfyt klear  
Honear Jo komm' ta 't oardiel, Hear !

Biskermje ús yn 'e bange tiid  
Fen sielsforsiking, kamp en striid,  
Lit noait de kweade ta, det Hy  
Oer 't swakke hert oerwinder sij !

Bihoedzje it gânske Christendom  
Jow 't Godsfolk stof ta freugden rom,  
Fortreast, forkwik 't forsleine hert  
En hylje yn ginst der sieken smert.

Jow Fader, fen Jins ljeafde ús blyk !  
O Soan, meitsje ús Jins byld allyk !

Stjûr Geast Jins treast as rykste skat !  
Oan Jo al d' ear, Trijtâldich God !

A. WYBENGA.

## Gesang 96.

Hallelujah ! ivich tank en eare  
Lof, oanbidding, wysheit, rom  
Wêze op ierde en yn 'e himel, Heare !  
Klinke for Jins ginst rounom :  
Fader, sjuch yn ljeafde op al ús wegen !  
Soan des Faders, skink Jins ginst en segen !  
Jins gemienskip, Heilige Geast !  
Amen, jow ús ivge treast.

A. WYBENGA.

## Gesang 132.

Noait foel myn Heilân 't krûs to swier,  
Ho parsjend Him det krûs ek wier,  
Hy bleau altyd mei wolbihagen  
Hwet God Him oplei, moedich dragen ;  
Gjin wird fen war tsjin 't Godsblslút  
Kaem ta Syn heilige lippen út ;  
Hy wie gedildich oant de dea  
Hy rachte net, forgou gjin kwea.

Det ik aloan mei sielenocht,  
Det ik myn Jezus folgje mocht !  
Mocht ik aloan Syn foetleast hâlde,  
Al skeint me ek slim der sûnde klâdde,  
Al stiet myn flesk me ek faek sa tsjin  
Det hwet ik wol, 'k net wirkje kin ;  
Jow Heare, doel en krêften my  
Stean me yn myns herten ûnmacht by !

Wêz Jezus, wêz yn 't leed my by,  
 Den draech ik 't krûs, ho fel ik lij,  
 Den wit ik det gjin lêsten drokke,  
 Dy 't my út Gods genade rokke,  
 Den swij ik Him mei willich moed,  
 Gods wollen dochs is wiis en goed ;  
 Slacht foar in toarn Syn hân my del  
 Hy deit my net, Hy redt my tel.

Ho faken ik yn 't goede sleau  
 Ho slim ik folle kwea bidreau  
 Hy jowt genade en wolbihagen :  
 Scoe 'k as Syn bern den 't slaen net drage ?  
 O God, myn Hope en Heil en Treast  
 Wêz jimmer taflecht for myn geast,  
 Sa slach ik 't each út d' ierdske drok  
 Nei Jo en 't ivich libbenslok.

A. WYBENGA.

---

## Gjin plak for him.

*In frije forfrysking*

---

Fier fen 'e biskaéfde wrâld, yn it tsjokste fen Afrika's bosken, hwer bynei gjin minskefoet syn leasten neilitten hat, siet oan de igge fen in stream in wêzen, det net op dizze ierde thûshearde. It fredige oantlit, det oars striele fen ljocht en libben, stie nou wémoedich en ûnsjuch.

It wier de Fredesingel, dy dêr sa forlitten en yn djip-tinzen forsonken siet.

Einlik ûntjoech him de gedaente. In striel fen hoop ljochtte yn 'e doffe eagen. De Ingel spraette syn wjukken út en kliuwde omheech, de loft yn. Mei steatlike slaggen fleach hy foart..... nei it âld Jerope.

Foar it fallen fen 'e joun, it waerd sâhwet skimerich, saeide hy del for it paleis fen de Dûtske keizer. Hy kloppe oan en frege tagong. Min doarst it him net wegerje, mar syn onforwachte forskining joech in danigen opskûr yn it greate hûs. De keizer lykwols kaem de Ingel frjeonlik tomjitte. Hy wier oandien, det koe men sjên. Syn skonken skodden him ûnder it liif. Syn hannen sochten steun

Yen takomt, dan fordriuwit it lêst  
 En 't libben kriget nije gloede,  
 Hwet dan de takomst bringe mei  
 Wy gean' fol moed ûs libbenswei.

O. S. AKKERMAN.

## O sillige wente yn 'e himelske stêd !

O sillige wente yn 'e himelske stêd,  
 Honear scil 'k dyn keinens oanskôgje ?  
 Ho faek kin it hert nei dyn godlike glâns  
 Yn longrjend forlangjen oplôgje !

O ljochtsjende dei yn der ivichheit glâns,  
 Nei wierheit, — de heechste ! — bistriele  
 Fen freugd sûnder sûr en fen lok sûnder skaed,  
 Ho himet myn delbûgde siele !

O skat dêr omhegens yn 't himelske lân,  
 Hy d'Ivge, hat earst op my mirken,  
 Dêr 's Jezus, myn Heilân, hy jowt my de hân, —  
 't Gelove hâldt fêst oan Syn wirken.

Nou stiget myn bidden : Kom Amen, kom Hear  
 Op 't ljochtsjende wolkenheir ringen  
 Om 't delbûgde folk út syn pine en syn sear  
 Yn 't nije Jeruz'lim to bringen.

O hillige wente yn 'e himelske stêd,  
 Honear scil 'k dyn sillichheit smeitsje ?  
 Honear scil myn sciel út dit sündige mêt  
 Op 't goud fen dyn strjitten ûntweitsje ?

A. WYBENGA.

## In drôge.

Op 'e dyk siet ik. 't Wier simmermoarn en in swiete drôge gyng weagjend oer my.

„Kom mei,“ sei er, „en ik scil dy 'tsjen litte. Gean 't lân yn en dû scilst it witte.“

Séftkes kriesden de stientsjes ûnder ús foetten, dauweparels glinsteren aan 'e gêrsraeikes yn 'e moarnsinne, gouden ljocht dreau oer 'e wide fjilden, de flinterkes wjukelen oer 'e ljeavjende blommen en de hagebeam bloeide.

It moaije doarp laei dêr yn fredige stiltme. Om 'e stompe toer saeiden de swollen, heech yn 'e tsjerkhôfsbeammen songen mosken en protters hjar wijdingsliet.

It frjeonlik „goemoarn“ fen 'e minsken om ús hinne joech blidens yn myn siele, en oer 'e finne klonk in swiete sang fen lok en ljeafde yn heitlansklang.

„Hjur moat wy wêze,“ sei er, wylst er 't skoalperteal ynstoep.

't Bigoun. Master dych it gebet. Stiloandachtich sieten de berntsjes, hannengear, eagenticht. Koart wie syn bea: „Heit yn 'e himel! Jo sjugge ús, Jo witte hosa wy hjir binne. Wy freegje fen Jo ús yn dizze skoaltiid oandacht en flyt to jaen, wysheit en forstân, en bring ús altyd neijer by Jo, út oarsaek fen Jezus' fortjsinsten. Amen.“

Gouden werden tilden myn herte op, ljeavjend dreauen de heitlanskranken twisken de mûrren, út ús swide skiednis waerden de drege dieden fen ús âldfaers yn oantinken brocht. Heldere bernelûden liezen yn suver sizzen soarchsum stavere werden. En hjar sang! Ljeaflik, ynlik djûr:

„Hwer leit des Christens faderlân?  
By 't Fryske strân? Is 't Frankenlân?

Is 't hwer de Rijn ef Donau floeit?  
It nôtfjild blinkt, de drûfbeam bloeit?

O né, o né, o né, o né,  
Gânsk better lân hat God my ré.

Forwûndring oer safolle moais laei yn myn eagen, mar hy sei ienfâldich: „Sa heart it ommers?“

Wy gyngen by de treppen fen 't gemeintehûs op. Yn 'e gong loerken my as âlde bikenden de werden yn eigen

stavering oan. 't Wie my eft in klang hiel, hiel âld en teffens mij, suver mij my 'e earen jubele.

De achtbre hearen yn slucht-deftich habyt sieten harkjens-oandachtich yn 'e romme stoellen en de foarsitter hie it wird. In inkeld lûkje oan 'e foarholle-tearen liet „soa“ en „né“ ef „ja“ sjen. Yn in rede fen it dreechste Frysk bipleite hy, hwet B. en W. ornearre hiene. 't Gyng him sa maklik de werden to finen om op saeklike wize to sizzen hwet er de leden ûnder de oandacht hawwe woe. „Kinnejimme it dêr net mei iens wêze, det wol ik op syn plak litte, ús sjenswize hat net minder reden fen bistean.“

„Witst it wol,“ lûstere myn liedsmann, „det dizze Boargemaster in Hollânder is? Mar nou 't der op in weardige wize yn 't Frysk ûnderrjucht is, bimoeije útlanners hjar folle mear mei ús tael. Follen hawwe hjar dy sprake eigen makke, — en heart it sa ek net?“

Yn 't ienfâldige arbeidershûske lies heit út 'e „Fryske Folkskrante.“ Ik weage it dêr efkes yn to kypjen. In inkeld stikje Hollânsk skûle op 'e tredde bledkant.

Hy hie it forslach fen 'e Steatensitting foar him.

Ik seach ho 't it Fries-wêzen fen ús foaroansteande mannen biskaevjend op it folk ynwirke.

't Iten stie ré. Yn kleare wierrens, yn suvre klangen, yn himselsjaende rounens smeke de heit ta de Heare yn 'e himel.

En de Fryske bibel laei op 'tein fen 'e tafel.

Oer 'e fjilden laei de wijng fen 'e Sneintomoarn. Ljeavjend love yn 't lofteblau it ljurkeliet; libbene stippen tsjin 't mjitleaze omheech. Swiete frede stige út d' ierde, en myn hert wie liet en nocht.

Hja kamen der oan, de minsken, ien foar ien earst, den yn keppeltsjes, âld en jong, man en vrou, feint en faem, allegear, ho forskaet ek, ien fen doel. Mei earnst en kalmte op 'e séft-fromme gesichten, de eagen mijend om hjar skôgjend, as skruten for de Hege Fader, dy 't hja dochs sa ynlik tsjinje woennen, — sa earbiedigen hja it hillige Godshûs yn.

't Noegjende bombam toeve oer 'e lústrjende fjilden, hong twisken de blêdderkrune fen 'e hege iperbeam, blierke oer 'e bloeijende blommen.

En do droegen swier-djippe oargeltoanen de foarsang  
troch de romte hillige!

Lit ús in nije sang bitinke,  
Oer d' ierde mei Gods ear wjerklinke!  
Lofsjong Syn namme út 's herten groun!  
Bring 's Hearen lof de wrâld yn 't roun:  
Syn heil mei dei oan dei ús blinke!

Oer de forlangjende hollen sveven de heilige wirden  
fen it „Votum“: Us stipe is yn 'e Namme fen de Heare  
Heare, Dy 't himel en ierde skepen hat. —

Oandien trillen de herten by de snijinge fen 'e wirden  
der Wet: „Jim scille ljeafhawwe de Heare jim God mei  
hiel jim forstân, en mei hiel jim siel en mei al jim krêften  
en jim neisten as jimsels.“ Mar ljochtsjende frede brocht  
jubljende wille by de tinz oan Jezus Christus, dy 't kom-  
men is, om âlde skuld to forsoenjen en op 't nije paed  
dwyljenden rëstich to plak to bringen.

En hja harken stil-oandachtich en hja namen op de  
goudene wirden fen 't ivich evangeelje yn 'e silvren  
skeale fen 't ieuwen-drege Frysk.

De tsjerke goung út. De séftkes hjar forwiderjende  
minskens namen mei in heilige tinz oan 'e skerpte fen 'e  
sneed fen it Wird, de djipten fen Gods trouforboun, de  
hichten fen Syn ljeafde, yn earnstich witten fen sels-net-  
biseffen fen de greatens der skatten hjar mijown op 't  
paed.

En de sinne twinkle twiske de blêdtrossen troch nei  
de wijde romten binnen de wite mûrren, dêr't noch hongan  
de opwekjende wirden fen bals'mjende treast.

De gouden jounsinne flonkere op 'e grienige rûtsjes  
fen 'e âlde klinte op 'e ein fen 'e pûndyk. Grymgramme  
skaden boartten op 'e âlde-friezen fen 'e lege mûrre, efter  
'e hagebeam wei. Foar de gevel stie de pronkjende apel-  
beam, de protterkes kweelden en kraeiden en de dei-  
michjes dounsen ûnforpoaze op en del yn 't gouden ljocht.

En op 't bankje siet de âld man en tinzen wiernen  
yn syn siele, tinzen oer it lang forline, oan dat togearre  
yet wierne, hy en syn mûtel wiifke, mei det famke-  
sieltsje, sa ienfâldich en from. Al tritich jier is 't werlyn  
det hy hjar to hôf bringe moast.

„Det hie hja yetris bilibje moatten; hwet giet it yen

oan. Och hwet koe hja 't der oer ha, ho 't hjar pake,  
âlde fromme, yn eigen tael mei de Himelheit prate koe,  
sa as in bern. En ho 't hja dat meinaem, ho 't hja, de  
dertene, learde fen wissere blidens as wrâldswiffe wille  
heil to forwachtsjen.

En nou der in nije amme oer 'e âlde Fryske fjilden  
teach en ûnderskate learaers hjarren fen 'e memmesprake  
bitsjinnen om dêrynen to wizen op Gods greate wirken, nou,  
o, is 't net eft dy gouden klanken djipper reitsje it Fryske  
hert, dêr't oars altyd noch it djippe ynlik ûntaspritsen  
bleaun wier? . . .

En hy tanke . . .

A. WYBENGA.

## In Grytman fen East-Dongeradiel.<sup>1)</sup>

Nou hat it der wol oan, det ik mei de Fryske sprake  
op 'e lappen komme doar. Op in joun as nou, dat der  
songen en spritsen is yn de linige tael fen Hollân, yn 'e  
sangerige klanken fen Dúslân, yn 'e kleare sprake fen  
Frankryk, en yn 'e krêftige wirden fen 'e Ingelsken,  
bin ik min efto mear skrunten om foar it boerdsje to  
kommen mei in tael, dy 't skynt ôfdien to hawwen yn 'e  
learde wrâld, in tael, dy stean bliuwe moat op 'e stoepe  
fen ús skoalle, in tael, dy 't foartjage wirdt nei it bûthûs  
fen 'e boer en opsluten yn 'e wente fen syn arbeider.

En dochs it is in tael, troch God úttocht en jown oan  
Friezen en Friezinnen. It is de tael fen ús mem en sa  
lang wy ús net for mem skamje, skamje wy ús net for  
ús memmetael. Dêrom, frjeonen, lit my mar bigean, as ik  
jimme in opstel tofoaren lêze wol yn ús skier-âlde swiet-  
lûdige, trouwe en waerme memmetael.

Foar fiif jier, do'r de kweekskoalle iepene is, haw ik  
eat fen it stedsje Dokkum tofoaren brocht, en nou like  
it my wol moai ta hwet to sizzen oer ien fen 'e griete-  
nijen út 'e omkriten. Spitigernôch stiet der faken sa'n  
bytsje fen biskreaun, en om it goed nei to sneupen mocht  
men oars wol neat to dwaen hawwe. Do 't myn sin dan  
ek fallen wie op in grietenij fielde ik al gau, dat ik mei

<sup>1)</sup> Lêzing hâlden by it 1e lustrum fen 'e Kweekskoalle for onder-  
wizers te Dokkum.

wei it godlik rjucht oertrêdde hat! Syn tael fen it Nederlansk foar in great part forkringe litten hat! Syn folksbistean net mei mannemacht fordigene hat! Dat Friezefolk, myn folk, ho den mei dy!

God hoedzje it, mar it giet forkeard. Lyts folk en lytser as it hoechde, dû hast it gebod fen God net achte; dû giest ûnder. Friezefolk, Gods ordinânsjes kinstû ek net strafleas húnje . . . . .

Wird wekker den. Bitwing dy ynfloed dy 't dy ûnderminet. Kom ta dysels. Wèz' in folk. Haw dyn eigen tael. It selsstânnich folksbistean is godlik wirk; d.w.s. is segen. Troch frjemde ynfloeden ûndergean is flok . . . . .

Dêrfendinne is it djûre plicht to achtsjen de striid oan to gean tsjin alle soarte fen útlânske ynfloed. De striid oan to binen tsjin taelforba-tering; en tael forjitten; en taelforachtsjen. To iverjen for it ûnbihindere úntjaen fen in eigen Frysk libben; mei in eigen tael dy brûkt wirdt yn alle kritten fen it folkslibben. It is godlik rjucht, it is godlike plicht.

Folk neist Folk! Elk sines fen tael, lân, aerde, libbensutering.

De Godswet: „Folk neist Folk“ skerpet it natyonale forstân, forsterket de nationale morael, fierd yn de hichte it godstsjinstich libben, ûntwikkelt in net troch to tinken rykdom yn kinst en wittenskip -- hwent „folk neist folk“ is dûdlik en klar Gods wird, spritsen fordet it tsjinje as in net to forwegen macht tsjin it follein forheftige útbarsten fen de sûnde.

WENDELAAR BONGA.

## De Hameistien.

Frjeonen binne wy yn stille maitiidsjounen,  
As de wazem oer de griene fjilden lûkt,  
As wy longrjend djipje yn lang forfleine stounen,  
Beider tinken yn it skier forline dûkt.

Ald hameistien, witst' noch ho't ik oan 'e poarte  
Fen it libben hjir as lytse beuker stie?  
'k Haw sa ryk by dy myn bernewille boarte  
Do 'k mei hoep en top en polsstok dwaende wier.

'k Haw sa kein by dy myn maitiidsdroamen drôge  
 'k Tocht sa blier oan hjar, dy 'k noch net freegje doarst.  
 'k Mocht oan dy fortrouwē hwet yn 't herte lôge,  
 Dû bigriepst my mei dyn trouwe frjeoneboarst.

Lit ús, frjeon, net al to folle om 't lijjen stúnje,  
 Hwent nèt, sa wy tinke en drôgje, leit ús wei,  
 God is nei, al mocht ús lok ek jamk bilúnje,  
 As nei 't bloeijen mar de frucht him sette mei !

Stien, for my gijn stien, o lit ús frjeonen bliuwe,  
 Hwent de wrâld is kåld en wirkbitankjen fier, —  
 Lit ús yn 'e joune fen 'e hope priuwe  
 Hwent de tiden binn' fen great ûnthjitten swier.

A. WYBENGA.

## Forwachting.

Nòch wachtet stiltme oer wide fjilden ;  
 Sëft tilt de groun yn willefolle rëst,  
 De gouden sinne is blank oan't djippe blau  
 En 't bliid gelove wit it kommen fêst.

Nòch wachtet stil de beam op grienjend bloeisel  
 Dat sinnepatte ring syn tûken klaeit,  
 It knopke tynt fen krêftich libjen-wollen  
 Hwent fêste hope is út 'e loften saeid.

Myn herte tilt fen ljeafdes jong ûntweitsjen ;  
 Hwent goudne nocht is kommende op dizz' ierd ;  
 Ik biidzje it heil fen rynske maitiidsegen  
 Dat my nei 't ljocht fen simmerhichten fier.

A. WYBENGA.

## Lange Jeltsje fen Eastermar.

Der wenne yn Eastermar in hiel great minske, dy't  
 „lange Jeltsje“ neamd waerd en altyd lâns de wei en

## VIII.

Scil 'k yn 't grêf ek ienris lizze,  
Optein scil 'k as lêste klank :  
Frije ginst, genede ! sizze,  
Stamm'rjend spritsen as in tank.  
Ja, dy tankj' ik alle tiden,  
As ik God, de Heit en Soan  
Ivich lofsong foar de troan',  
Den herhelje ik yet forblide :  
God is ljeafd', o Ingelstimm',  
Minskemûle, priizgje Him !

RINKE TOLMAN.

**Psalm 30.**

Ik scil mei hiel myn hert, o Hear !  
Jins namme priizgje en heech Jins ear :  
Jo wiernen m' yn bineardens by  
Jo loeken út 'e dijpten my,  
Myn fijân, dy 't myn fal forbide  
Ha J' oer myn stroffjen net forblide.

Myn God, Jo hawwe me op myn bea  
Genêzen, hoede tsjin de dea,  
Jo fierden út it grêf myn siel,  
Sa hearlik wier Jins ginst myn diel ;  
'k Ha wer it rike libben smakke  
Neidet ik yn 'e kûle sakke.

Sjong, ginstfolk Gods, in reine klang,  
In hearlik liet, in súvre sang ;  
Bring lof aan d' iive Majestet  
En tankje 's Heechsten heilichheit !  
In eachwink mei syn grime ús knelle  
In libben wol syn ginst ús stelle.

As jouns de sinne yn dize dûkt  
As damp en ramp ús siele oerlûkt,  
't Each gûlend digert nei de loft,  
Den parset wol 't fortriet in skoft —

Mar moarns is wer de smert genêze  
Den scil der lof en jûchjen wêze !

Do 't foarspoed blonk, spriek wol myn hert:  
'k Forwrigje, ik tûmlje nimmer net, —  
Hwent Hear, Jo hien' m' in goede groun,  
Myn berch in stevich rêtplak jown,  
Mar do 't Jins antlit my fortsjustre  
Waerd ik forskrikt, stie 'k tel forbjustre.

'k Rôp Jo dos aan mei longrjend moed :  
„O Hear, hwet winst sit yn myn bloed ?  
Hwet foardiel docht myn stûfe dea ?  
Hwet jowt it, leit yn 't grêf myn lea ?  
Scil 't stof Jo mûlk mei lofsang priizgje,  
Jins trou en wierheid ear biwiizgje ?“

Ik smeke : o Heare omheech, fornim  
Myn kritend lûd, myn skoarre stim  
Wêz my genedich, stean my by,  
Wêz in ûntfermjend Helper my !“  
Do brocht Jins hân myn rjucht nei foaren,  
Haw J' yn in sang myn klacht foroare.

Jo haw m' út sek en yeske ûntslein  
En blidens om de lean mylein ;  
Sa sjongt myn moed, sa jûcht myn hert  
Jo eare ta, ik swiigje net  
Ik scil, myn God, mei blide tonge  
Al d'ieuwen troch Jins lof bisjonge.

A. WYBENGA.

**Psalm 94.**

Kom God der wraken, blinkend harren,  
Bitoan Jins grime oan dy't ús narren  
Lit, Rjuchter oer 'e minskebern !  
Forheven 't Folk Jins riedslach sjên,  
Bring oer de greatske man 't gewelt  
Hwêrmei hy tsjin Jins folk him stelt.

Ho lang scil de godleaze, o Heare !  
Him húnjend tsjin Jins ginstfolk keare ?  
Ho lang springt hy fen blidens op,  
Us netljend mei syn stûf gerop ?  
Hja meitsje ús min, hja ride ús nei  
En romje yn 't ûnrjucht al den dei.

O Heare sjuch ho 't s' ús omgounzje,  
Forbriselje, yn 'e djipste ús bounzje ;  
't Stiet for Jins erve 'er tsjuster ta.  
De frjemdling plondrje en deije hja,  
Hja briede haet, bidroch en kwea  
En slagge wees en widdow dea.

Hja sprekke greatsk op hjar formogen :  
„Hy sjucht net op ús minder-dogen  
De God fen Jakob merkt it net ! ”  
Jim ûnforstânnen sûnder hert,  
Jim dwazen sûnder rede ef ljocht  
Hwet idel stik ha Jim bitocht ?

Scoe God, dy 't ús 't gehear foarmearre,  
Scoe den de Skepper-sels net hearre ?  
Scoe Hy dy 't each ús joech net sjén,  
Net skôgje oer al de minskebern ?  
Scoe, Dy 't de heidnen wit to slaen,  
Oer 't boaze wirk gjin straffe dwaen ?

God wol de minsk' de witnis leare ;  
Us djipste ynwindich sjucht de Heare ;  
Hy wit hwet ydlens yn ús tynt.  
Loksillich hwa 't Jins tuchtsjen fynt  
Dy 't Jo, o Heare, yn 't lottring sett'  
Om him to learen út Jins wet.

God jowt ús krêft om 't krûs to dragen  
En stipe nei de kweade dagen,  
Jo skeppe ta der frommen bêst  
Ut nacht en near wer nocth en rêt,  
Wylst dryste boazens falle yn 't swird  
En hjar de kûle groeven wirdt.

De Hear scil nea Syn folk forstjitte  
Hy scil Syn erve net forlitte :

It oardiel blinkt fol majesteit  
En bringt Gods folk gerjuchtichheit,  
Elts, dy't oprjucht is yn syn wei,  
Giet bliid Gods wize wegen nei.

Hwa helpt my tsjin, dy't boas my knelle ?  
Hwa scil him tsjin d' ûnrjuchten stelle ?  
Hie net de Heare ta myn bêst  
Myn helpe en sterke stipe wêst,  
Sa hie my tel de fijan slein  
En hie 'k yn 't stille grêf allein.

Do 'k sei : myn swakke foetten glide  
Stie my, o Hear, Jins ginst op side  
Do 't yn myn tinken nacht en smert  
Fordûb'len yn 't forheistre hert,  
Haw myld Jo oan myn siele tocht,  
Forkwikke my Jins treastgjend ljocht.

Scoe ea de stoel der skeadlikheden  
Plak fine by Jins rjucht en reden,  
Dy 't moeite opdichtet út 'e wet ?  
Hja rinne gear mei haet yn 't hert,  
Hja jachtsje nei 't oprjuchte moed,  
Forflokke wreed ûnskildich bloed.

'k Mei God myn hege wente leauwe  
Hy scil myn Rots en taflecht bliuwe ;  
Hy leit d' ûnrjuchten op 'e lea,  
Hjar minnens en hjar eigen kwea ;  
Hy scil hjar yn hjar boazens slaen  
En hjar alhiel to neate dwaen.

A. WYBENGA

## Psalm 114.

Do 't Israël syn hirde tsjinst forliet  
't Hûs Jakobs 't folk, dat ta syn slim fortriet  
Mei frjemde tael him narre  
Foun Juda yn syn God syn heilich hâld ;  
Oer Isrel gyng Syn heech, Syn wiis biwâld,  
Dat hjar sa trou biwarre.

Gods krêft gyng mei: dit seach de Reade-Sé;  
 Hja flechte tel, hja wykte fen hjar sté,  
   't Jordaenwiet waerd ta dammen,  
 En kearde yn skrik; de berchtmeknoop sa dreech  
 Forwege kjel, sa 't rammen springe omheech;  
   De klingen sprong'ne as lammen.

Hwet wier 't, o sé, dat dy sa flechtsjen die?  
 Jordaenrivier, dat dy dos oandien hié,  
   Hwet koe dyn wetters twinge?  
 Hwet, bergen, diich jim stiigrjen op jim sté?  
 Hwet, klingen, diich jim huppljen lyk it fè,  
   Allyk as lammen springe?

Krimp, ierde wei for 't antlit fen 'e Hear,  
 For Jakobs God, for Isrels ivige Ear  
   De hearlike op Syn troane!  
 Hy makke it mei syn ófmêd Bounfolk goed,  
 De rotstien waerd in rike wetterfloed,  
   De flint in wetterboarne.

A. WYBENGA.

## Psalm 115.

Us net, o Hear, ús komt gjin eare ta  
 Jins Namme mei allinnich gloarje ha  
   Om al Jins ginst en trouwe;  
 Hwêrom o Hear, scoe 't Heidedom fol spot  
 Nou húnje: hwêr forkeart hjar Heil, hjar God  
   Dy 't sy hjar hilde jowe?

Al leit dit folk, Jins Israël, yn 't leech,  
 Us God is dochs fol Majesteit omheech,  
   Slacht, hwet Hy wol, yn bannen;  
 D' ôfgoaden dêr't it Heidedom op bout  
 Is idel wirk fen silver en fen goud  
   't Bidriuw fen minskehannen.

Al is in mûle yn 't getten byldwirk set  
 Hja sizze neat, de stommen sprekke net,  
   Hja kin hjar each net brûke,  
 It ljochtet nea; gjin lûd, ho fel, ho klear,

Gjin bea, ho drôf, fynt wearklank yn hjar ear;  
   Ek mei hjar noas net rûke.

Hjar hinnen litte ûnmachtich alles stean;  
 Hjar foet, ho fiks fen foarmen, scil net gean;  
   Gjin lûd is yn hjar kiele;  
 De meitser fen de selsútfoune God  
 Fâll' del yn 't grêf, en mijje yn 't selde lot  
   Fen neat to kennen diele.

Folk Isrels, bou jim hope op d'iivge Hear  
 Hy is jim Helper en rôdt jim út jim sear,  
   Jim skyld det nea biswiket;  
 Hûs Arons, bliuw bitroujend op jimm' God,  
 Hy is jimm' Help, jim Skyld en heechste Skat  
   Dy 't jim de siel forriket.

Fortrou op God mei noait biswykjend moed;  
 Jim, dy 't Him freezje, is God ûneindich goed,  
   Hy is jim skyld yn 't striden.  
 De Heare is ús sa ryk bitinkend wést,  
 Hy segent ús, jowt Isrel wille en rêt  
   En Aron hertsforbliden.

De hege God scil 't each op 't Bounfolk slaen,  
 Hjar dy 't Him freezje in mylde segen jaen  
   De lytsen mei de greaten;  
 De Heare God, it machtich Albiwâld,  
 Bihoedzje jim, bring' segen mannicfal'd  
   Oer jim en oer jim leaten!

De Heare God, Dy 't yn Syn greate macht  
 Hjir d'ierde stelde, omheech de himelpracht,  
   Forsterket jim mei segen.  
 De himel is Syn eigendom, Syn troan,  
 En d'ierde jowt de minske it fiedsel skoan  
   Bidauwe fen omhegen.

Gjin deade bringt de Skepper eare en lof;  
 Yn 't kâlde grêf leit stil forwirden stof,  
   Dêr scil gjin tankpsalm riizgje.  
 Mar wy scill' Him, de Heechste Majesteit,  
 Us lofsang jaen, Him romje yn ivichheit,  
   Wy scill' Him altyd priizgje!

A. WYBENGA.

## Psalm 120.

'k Sloech yn myn leed myn each nei boppen,  
 'k Haw oan 'e Hear des Himels roppen  
 Do't ik forkwynde yn 't neare en 't slimme, —  
 En Hy forhearde yn ginst myn stimme.  
 Lit, Heare, al mear Jins bystân fiele,  
 De fijâns krinkt my, rôd myn siele  
 Fen falske lippe en ljeagenwird,  
 Sa skerp as in twasnedich swird.

Hwet scilst, skarlûn, hwet scilst bidije  
 Mei listen en bidragerije ?  
 Hwêrom wolstu d' oprjuchten knelje ?  
 Hwet foardiel kinst' dêrmei bihelje ?  
 De Machtige seil dy wol fine,  
 Dû kinst Syn pylken net úntwine !  
 In h jitte gloed, in slimme dei  
 Nimt al de dryste sûndaers wei.

O wé my ! fier fen 't folk fendenne  
 Stean ik yn Mesech faek allinne ;  
 'k Moat frjemdling hjir yn Kedar wenje  
 By minsken dy't it kweade tsjinje ;  
 Myn siele hat al tiden wenne  
 By sokken, dy't gjin rjuchtens kenne,  
 By 't folk, dat frede en rést forstjut  
 Fen God noch Syn geboaden wit.

'k Wol freedsum ljeafst it kwea bidekke  
 Mar kwealk kin 'k hjar oer 't goeddwaen sprekke  
 Ef 't blykt, ho 't hja godleaslik 't herte  
 Op wraek en moard en oarloch sette.

A. WYBENGA.

## Psalm 139.

For Jo leit hiel myn wêzen bleat  
 O God, Jo witt' myn gânske steat ;  
 Jo kenne my, Jo Heare witt'

Hwêrsanne ik stean, hwêreerne ik sit,  
 It ynlikst tinken fen myn herte  
 Wirdt fen Jins alsjênd each trochfette.

J' omjowe my by al myn dwaen,  
 Jo folgje my myn hiele dwaen,  
 Fortroud bin Jo mei hiel myn wei  
 Jins each giet al myn dieden nei ;  
 Gjin wird is út myn mûle kommen  
 Ef Jo haw 't al yn 't hert fornommen.

Jins macht biset my op myn spoar,  
 J' omslút' fen eft'ren my en foar.  
 Jo lizze op my Jins greate hân ;  
 Ho scoe ik mei myn lyts forstân  
 Jins wûndre kennis fetsje kinne ?  
 Myn tinken bliuwt der fier fedinne.

Hwêr scoe ik, neatich minskebern,  
 Om Jo t' úntkommen, hinnetsjên ?  
 Al kleau ik heech, nei 's himels trâns,  
 Dêr skine Jo mei 'n swide glâns ;  
 'k Scoe noait fen Jo m' úntwyd'rje kinne,  
 Sels yn 'e hel Jo net úntrinne.

Al waerd ik fen it dageljocht  
 Op flugge wjuk nei 't fiere brocht,  
 Nei d' uterste igge fen 'e sé —  
 Yn 't fen gjin minsk biwenne sté  
 Scoe, Hear, Jins hân my hâlde en liede  
 Scoe nea Jins rjuchter fen my skiede.

Honear ik sei : de tsjusternis  
 Bidekt my foar Syn antlit wis, —  
 Den blonk de nacht yn 't helderst ljocht  
 Dat my yn 't folle deiljocht brocht  
 Yn neare nacht ; yn ierdetsjuster  
 Is noait Jins wittend each my bjuster.

Ho great binn' Jo, Dy 't alles wit !  
 'k Wier jim'r alhiel yn Jou bisis ;  
 'k Bin wûnderlik troch Jou biwâld  
 En almacht delset op 'e wrâld  
 Ja wûnder is de Hear hjirboppe,  
 Moat ik út 's herten djipten roppe.

Myn biente wie by Jo net wei  
 Do 'k yet yn nacht biwoelle laei,  
 Do 'k foarmleas yet fen leden wier ;  
 't Stie alles opskreaun yn Jins rie ;  
 De dei fen myn op ierde kommen  
 Hien' J' yn Jins skepping foar Jo nommen.

Ho kostlik bin Jins tinzen my !  
 Us lyts forstân kin dêr net by ;  
 Ik sjuch Jins plannen foar my stean  
 Yn tal as 't sân, net nei to gean ;  
 'k Stean by dy nea to neamen somme  
 Fen greate wirken hiel forstomme.

God nimt Syn ginst net by my wei :  
 As 'k wekker wird is Hy my nei !  
 Slach, Alformoogjend Hearsker, tel  
 De goddeleaze sûndaers del  
 Bring om, dy 't steech mei 'n stive nekke  
 Tsjin Jo, de greate Skepper, sprekke.

Jim mei 'k net sjên, jim, njirrebroed,  
 Forjetters fen jims neisten bloed ! —  
 Hja geane mei in moaije skyn,  
 O God, tsjin Jins geboaden yn,  
 Hja doare mei in idel herte  
 Jins fijân yn 'e hichte sette.

Scoe 'k, Hear, net haetsje út groun fen 't hert  
 Him, dy't tsjin Jo toskoar him set ?  
 Scoe 'k net in wearze, in djip fortriet  
 Fine yn 'e man dy Jo forsmiet ?  
 Ik haetsje, dy 't Jins tsjinst forstjitte  
 Ik scil hjar ivich fijân witte.

Trochgrounje my en stjûr myn hert ;  
 Haw 'k my net nei Jins rjuchten set ?  
 Gean lottrjend myn oertinken nei ;  
 Stean 'k mûlk ek op in ûnheilswei ?  
 En lied my op Jins ii'vge wegen,  
 Sa mei ik hoopje op ii'vge segen.

A. WYBENBA.

mar in jierjild hawwe: der siet oars neat op om fen him  
ôf to kommen.

De ministers dyngen dit de foarst fen Monaco to witten.

„Der sit oars neat op,“ seinen hja, „as det wy him in  
jierjild jowe. „Hja bisleaten him trije hûndert goune to  
jaen en dielden him dit mei.

„Nou, dat fyn ik goed,“ sei de man, „as it jild mar al-  
titen trou oan my útbitelle wirdt. As jimme it mei dizze  
bitingst iens binne, den wol ik wol foartgean.“

De saek wier dos yn oarder. De man krige foartdaelk  
it trêdde part fen it jierjild en forliet it foarstendom Mo-  
naco. Hy hoechde mar in ketierke yn't spoar to sitten.  
Hy waerd emigrant, koft en stikje lân efkes oer de grin-  
zen en forboude dêr griente for de merk. Hy wennet dêr  
nou as in man, dy't aerdich hwet jild fortsjinnet. Elts jier  
hellet er syn jild. As er it ynbard hat, giet er nei de  
spylbank, weaget der in pear goune oan, wint sims, for-  
liest ek wol ris en giet dêrnei wer nei hûs ta, dêr 't er  
fredich wennet. En it is lang net dizenich yn syn kam-  
menet!

It wier syn gelok, det er net immen yn in lân for-  
moarde, dêr't men net tobekskrillet for de kosten, forboun  
oan it holle-ôfslaen ef libbenslange finzenisstraf. (1897).

## Fieling.

Jounsinne-wijng rêtigten en lústrjende fjilden. Roazerâ-  
nige wolkemkes slûgje aan einleaze fierden. Drôge driuwt  
oer wide lannen, svevet op dauwewjukken út stille sleat-  
ten, ammet djip yn minskezielen. De jeuchlike bledtsjes  
fen 'e blinkende abeeljes sunigje elkoarren wirdkes ta  
fen ljeafde en 't nochtgroejend lok. Hawwe se net heard,  
hwet de ljurkjes bitierlierden yn 't waeksjende ljocht;  
hawwe se net fornommen hwet de proppers bistjotteren yn  
'e moarnsinnerizing? En witte se net Hwaen de lof gou  
fen 'e tankjende fügels? . . .

En sa falle se yn slomme, sa niigje se, yn't stille patte  
fen de soele simmernacht hjar, ienfâld-kreaze holkes. En  
de stille blomkes eagje nei de fiere, kleare stijrren. En

de mincke, mei sēft-laitjende wille yn 'e triljende siele, ynlik-ien mei de suvere joun, swijt yn stil-oerpeinzjen, haldt de siken yn fen net-bigripen fen heilige, wündere tinzen.

Wy, lytse berntsjes fen 'e greate ierde, mei dy moarntiden fol rea en dage en wiet-tankjende blomme-eachjes, mei dy sinne-oerljochte greate dagen, mei dy wünderdjippe rēstjounen, wy witte de oansluting fen 't loovjende herte mei de tankjende ierde, ien yn lof oan 'e greate Skepper, Hwaens wizens wy witte yn Syn wündere wirken, Hwaens geast it ierdryk fornijt, Hwaens amme troch de niigjende, biddende reitplūmmen driuwklet. Yn sinnegloede en moannesēftens, yn stijrretwinkel en wolkembloeijing fiele wy fordjipping fen ús wêzen, forwezentliking fen in tinzing Gods.

Binne der net folle dy't it sjugge, mei fielingolle siele, mei lústrjend herte, en fornimme se net de stimme fen Him, dy't wyld is en gol, en op ierde oan al Syn skepsels goeddoch? Sa wolle der ek in hopen lústerje nei dy inkelde rykbijeftige dichtersien, dy't jown is to sizzen, hwet dy hopen wol fiele, mar net yn wirden útrje kinne. En sa harkje se nei de sangen, dy't swiet binne, en ljochfol en de wearklang fen 't djipfielende, fen 'e stiltmejoun forwege herte.

Binne it net mar inklen, dy't it sizze kinne?

Mar o, dy inklen hawwe in djûre ropping, de taek om dat allinne to sizzen, hwet libbet yn 'e siele, de fûnklyjende pearls mei de sinne-keine glânze fen melodije en harmonije. En jimmer-weroan moatte hja harkje nei 't inerlik sjongen fen 'e fynbisnare dichtersiele, hwêr de suvere klangen waekse en great wirde. En den litte wy ús driuwe op dy goudene miette, dy't ús goed makket en stil en from.

Mar ek moatte, o dichters, jim ús hearre litte de sang fen 'e wémoed, de neare klacht oer 'e tsjustre nacht, dy't leit oer it sûnde-oerditsen minskdom, dat foel yn it tsoede, dat doarmet yn't lijen, dat wrakslet mei de dea....

Is der net in ljocht opgien út 'e tsjustre djipten, do't der in Minskesoan berne waerd, dy't ek in Soane Gods wier? Is der net in libben riizd út 'e dea, do't der oan't krús in Heilige stoar? Is der net in jubel oer 'e

ierde tein, do't de Sillichmeitser opstie út it grêf, do't Er yngyng yn 'e ljochtsjende wolk, do't Er plak naem op 'e ivige troane? O, fen God bijeftige dichters, ho ryk is de stoffe ta sillige sang! En jim bútgje jim del by de wûndre Majestet Gods yn stoarmgerûs en weachgebrûs, yn't lytse blomte en 't greate beamte, yn't fé op 'e geheime gearstal fen 'e minskesiele.

Sa, o rykbijeftigen, is jim taek en sà hawwe de heach-en djipfielenden fen alle ieuwen it opfette.

Komme net út 'e wijde loftten fen 'e godlike Skrift dy jubelsangen mei inglewijkken op ús ta sweevjen? Sprekkes net fen en ta it ynlik forweech? Komme net dy kleilieten oer jammersteat en fûl bidjer út 'e djipste grounfen 'e suchtsjende siele? En den ek wer jimmer dy grountoan, en dat hege júchjen: God is great, eare oan d'ivige Majestet! En troch alle d' ieuwen joegen se treast oan forsleine sielen, brochten se ta forhearliking fen de greate Skepper, heech yn al it skepene. Troch alle d' ieuwen... . híjri biwûnderje wy de oansluting fen siel oan siel, fen 'e siel oan 'e godlike natûr, fen 'e doarmjende siel oan in opsiikkjende Heit. Sa riist it bitrouwen yn delbûke herthen. Dogge net Isrels psalmen ús treastgjend to witten, ho't alle kwea, alle sûnde, dy't opstânnich Him h jit folgje doar, Syn tsjininstfeinten totrapet, straffe wirde scil mei dea en fordjer, ho't heech bliuwe scil de Majestet Gods, dy't rjuchtfeardich 't biwâld fierd oer wolkems en winen, oer lannen en folken? Híjri witte wy mei Paulus, det dea noch libben, hichte noch djipta skieding bringe scil, híjri sjugge wy mei Johannes op d' útbanne oarde de himel iepen, en de nije stêd blinken, it ivige Jeruzalim mei de goudene strietten séftomstriele fen it Ljocht fen it Laem.

Wy hâlde de siken yn, as oer ús komt, de hillige fieking fen 'e godlike sang. Lústerlongrjend nei 't ynlike liet nimme wy do hanner gear, slute de eagen en witte det Hy ta ús sprekt, dy't yn 'e siele dat djippe-teare as blommeblankens to oanskôgjen jowt. Mocht den oer eltsse dichtersiele dy Sûvre komme, dy't ljocht jowt yn't herte, 't liet yn 'e mûle, en hillige wirden doch rizen út 't djip fen it ynlike wêzen. Litte sy 't ear niigje nei 't sjongen fen 't herte, sa't dat fen God bijeftige waerd, fen God, út Hwaens ûneindige hearlikheit de glinsters saeije yn 'e minsk, om elk nei syn eigen wêzen de jubel en

de klacht to sizzen. Sa jowt de sinne it Ijocht oan 'e stjirren. En de segen op 't wirk is, det dy eigene fieling-sizzing de dichter optilt út lichem en stof en him libje lit yn 'e hegere keinens fen geast en wêzen.

Ienkear komt de tiid, dy't gjin tiid is; den ploaitsje wy de fruchten fen 'e beam, dy t' eltse moanne syn forskaat jowt, den sweevje ús lichte foetten troch Ijochte strietten en nypt ús gjin pleach, komt gjin trien yn ús each. Den binne wy yn't Paradys, dat net wer forlern rekket, en sizze wy lof en oanbidding en leit op ús lippen it libbene liet, it gesang fen Mozes en fen it Laem.

Den binne it net inkelden, mar in swide mannicthe, in skare, dy't net to tellen is. A. WYBENGA.

## Gezang 123.

Is dat de Kening hearlik,  
Om hwa wol mannich stimm'  
Faek frege blier-bijearlik ?  
Ho kroanet wreed men Him !  
Sjuch, sjuch Him spotklean dragen  
En reid en toarnekroan' ;  
Moatt' hún Him treff'en slaggen,  
O, God, Jins eigen Soan ?

Troch my moat Jezus drage :  
Reid, spotklean, toarnekroan'.  
Ik doch Him al dy slaggen,  
Dy hún en smerten oan.  
Ik sloech Him al dy wounen,  
For my stiet dêr Gods Soan ;  
Hy lijt for alle sounen  
Fen hiel myn hert bidoarn.

O, Jezus, Man fen smerten  
O, âffaers rike winsk,  
Printsj' yn ús earme herten  
't Oandwaenlik : sjuch de minsk' !  
En lit my nea forjritte :  
Dy klean, dat reid, dy kroan' ;  
En lit my treastgjend witte :  
For ús hat lijd Gods Soan.